

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	<b>Schrier</b>	
	Underwerp: <b>gearwurking De Friesland</b>	
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Der is bekend makke dat soarchfersekerder De Friesland as selsstannich bedriuw yn Fryslân ferdwynt troch fusy mei Zilveren Kruis ûnder it memmebedriuw Achmea. Wat soks betsjutte sil foar direksje en personiel yn Ljouwert is op dit stuit noch net helder.</p> <p>De provinsje Fryslân wurket gear mei De Friesland as it giet om soarchfoarsjennings en de sprieding dêrfan yn Fryslân. Tink yn de ôfrûne jierren oan de oerlizzen oer de takomst fan de Sionsberg, de Spiker yn Ternaard en krektlyn noch oer it aksjeplan tsjin it tekoart oan húsdokters.</p>	
Fragen	<ol style="list-style-type: none"> <li>1. Wat is jim reaksje op dit nijs út provinsjaal belang wei besjoen?</li> <li>2. Op hokker dossiers hat der neist de foarbylden hjirboppe noch mear oerlis of gearwurking mei De Friesland west de ôfrûne jierren?</li> <li>3. Binne of sille jim yn petear mei De Friesland om kontinuïteit te bewurkmasterjen yn dit oerlis en dizze gearwurking?</li> <li>4. Binne jo it mei ús iens dat it fan belang is om safolle as mooglik wurkgelegenheid en beslissingsfoech fan De Friesland foar Fryslân en Ljouwert te behâlden?</li> <li>5. Is it Kolleezje fan doel en nim oer boppeneamde saken kontakt op mei 'De Friesland' en it memmebedriuw Achmea?</li> </ol>	
Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)	
	FNP, Corlienke de Jong	
Datum	15 novimber 2017	